LEEUWARDER COURANT
31 oktober 2012, pag. 18

Lugubere taaldiskriminaasje

Boargemaster Ferd Crone sei yn de media, dat de reek by de meldkeamer gjin fjoer betsjutte. As jo by de meldkeamer Frysk prate (wolle) dan kin soks. Jo hawwe de garânsje, dat der altiten ien wêze sil dy't it Frysk ferstiet. Mar krekt dêrmei leit er in tsjûk reekgerdyn tusken dy Fryskprater en de meldkeamer.

Op 'e nij besykje de burokraten de bijsitters fan de Fryske feilichheidsregio te ferkatsen. Yn de eardere sitewaasje yn Ljouwert koene wy Frysk prate tsjin alle meiwurkers fan de meldkeamer. No yn Drachten wurde der regelmjittich tsien oant fyftjin sekonden fergriemd, om't de Frysktalige de ferkearde oan de tillefoan krijt. Der moat apart skeakele wurde nei in meiwurker dy't it Frysk wol ferstean kin. En krekt dy tsien oant fyftjin tellen kinne yn in soad gefallen it ferskil tusken libben en dea betsjutte. Sokke tûke oplossings kinne jo allinne mar fan burokraten ferwachtsje.

Wy wolle gjin bantsjes of oar soarte fan gegriem. Mei de technyk fan hjoed de dei is dy Ljouwerter sitewaasje ek yn de meldkeamer yn Drachten hiel ienfâldich opnij te meitsjen. It tredde part fan dy sintralisten wurke earder ommers yn Ljouwert en oer it ferstean fan it Frysk wiene der gjin klachten.

It rjocht fan de Fryske boarger om nei de oerheid ta de eigen taal te brûken, is troch de jierren yn wet en regeljouwing fêstlein. De ratifikaasje troch it regear en it parlemint fan it 'Europeesk Hânfêst foar regionale talen en talen fan minderheden', hat dêr ek nochris in minskerjocht fan makke.

Bêste boargemasters fan Fryslân, net de Frysktaligen mar jimme hawwe ynstimd mei it sintralisearjen. Meitsje no ienris en foargoed in ein oan dizze lugubere taaldiskriminaasje.

Cor Jousma. Feanwâlden